

“Terherne - Eilân yn de fryske marren”

**doarpsfysje
2024-2034**

<u>Ynhâldsopjefte:</u>	Bledside	2
Foarwurd		3
Ynlieding		3
1. Terherne oant no ta		4
2. Hoe't Terherne der útsjocht yn 2034		5
2.1 Foarsjennings		5
2.2 Rekreaasje en toerisme		6
2.3 Ekonomy en wurkgelegenheid		6
2.4 Duorsumens en enerzjy		7
2.5 Natuer		8
2.6 Ferkear en feiligens		9
2.7 Wenje yn Terherne		9
2.8 Fierder		10
Neiwurd		10
Taheakke 1: Aktiviteite-oersjoch (matriks)		11
Taheakke 2: Feite-oersjoch		14
2a: Oersjochkaarten		14
2b: Befolkingsgearstalling		15
2c: Sosjale kaart Terherne		16

Foarwurd

Yn oktober 2023 hat it Pleatselik Belang de Wurkgroep Doarpsfysje Terherne foarme mei as doel in aktualisearre doarpsfysje gear te stellen foar ús prachtige en levendige doarp. De tsjintwurdige doarpsfysje rint oant 2024. Mei de ynset fan in groep belutsen ynwenners is der hurd wurke oan dit dokumint. In soad saken fanút de besteande doarpsfysje binne realisearre. Mar der binne ek ûnderwerpen dy't noch hieltyd fan belang binne foar Terherne en har ynwenners om oandacht oan te besteegjen. De dielnimmers oan de wurkgroep fertsjinwurdigje de ferskillende leeftydsgruppen yn it doarp.

De nije doarpsfysje foar de perioade 2024 oant 2034 leit no foar ús. As in grut part fan wat dêryn beskreaun stiet werklikheid wurdt, kin ús doarp yn 2034 tsjinje as in foarbyld foar in soad oare doarpen. De kâns op sukses is aardich, sjoen it bûnt selskip dat oan dizze fysje wurke hat. Mar no begjint it echte wurk: de ymplementaasje. Dat sil gjin ienfâldige opjefte wêze, mar it brede draachflak sil grif bydrage oan it realisearjen fan de foarstelde ideeën.

Mei grutskens presentearje we it resultaat fan al dizze ynspanningen: de nije Doarpsfysje fan Terherne (2024-2034).

Anke van der Meer
Jorrit Hoekstra
Jendrik de Vries
Hillebrant Idsinga
Anneke Bouman
Dies van Vemde
Gerrit Faber
Arend Kiers
Tsjoltsje Roelevink

Ynlieding

It is heech tiid foar in nije doarpsfysje fan Terherne. De hjoeddeistige ferzje rûn oer 10 jier en rint yn 2024 ôf. Dizze nije doarpsfysje 2020 -2034 is ta stân kaam yn gearwurking mei in soad ynwenners, sawol permanint as rekreatyf, fan Terherne.

Dizze doarpsfysje is yn in oantal stappen ta stân kommen:

Alder earst hat de Wurkgroep Doarpsfysje Terherne de besteande doarpsfysje yngeand trochlêzen en binne ûnderwerpen dy't yn de ôfrûne 10 jier al realisearre binne der úthelle. Nije ideeën binne troch de wurkgroep ophelle en taheakke en de tekst fan de besteande fysje is op'e nij skreaun nei de winske situaasje yn 2034. Dit konsept is diel mei ferskate ferieningen en organisaasjes yn Terherne, lykas bedriuweferiening DebúT, Terhernster Enerzjykoöperaasje De Poask, wettersportferiening Onder Ons, gymnastykferiening Voorwaarts en Pleatslik Belang Terherne. Hja hawwe de mooglikheid hân om wizigingen en tafoegingen oan te bringen.

Dêrnei is de konsept doarpsfysje ferspraat fia de Terhernster doarpsmail en fia de webside terherne.nl sadat elke Terhernster der kennis fan nimme kinnen hat. En ôfslutend is der in iepenbiere Doarpsfyzjegearkomste organisearre yn doarpshûs De Buorkerij dêr't fierdere

suggestjes foar oanfolling fan de doarpsfyzje nei foaren brocht binne. Hjirnei hat Pleatslik Belang de Terhernster Doarpsfyzje definityf fêststeld en publisearre.

Haadstik 1 sketst de histoaryske ûntwikkeling fan Terherne, mei in oergong nei de hjoeddeiske situaasje. Haadstik 2 sjocht nei de takomst fan Terherne. Yn de konklúzje, yn haadstik 3 te finen, wurdt oanjûn hoe't dy takomstfyzje realisearre wurde kin. De bylagen befetsje in matriks mei konkrete aksjepunten en in oersjoch fan de feiten oer Terherne anno 2024.

1. Terherne oant no ta

Lizzend oan de Snitsermar, tanket Terherne syn namme oan syn strategyske lizzing "op de hoeke". Dit sjarmante doarp ûntstie as it einpunt fan lânferkavelingen yn de tolfde iuw, om it wetter hinne en lang isolearre as in eilân. It lânskip waard doe ek al karakterisearre troch grutte greiden, kronkeljende wetterwegen en in wielderige natuerlike omjouwing dy't it libben fan de earste bewenners foarm joech.

Op 2 maart 1845 brocht de komst fan de earste predikant, mei oerdutsen weinen oer it iis út Akkrum wei, in opmerklike barren teweech, om't rydtugen foarhinne in seldsumheid wiene yn Terherne. De doarpsbewenners seagen mei ferwûndering ta hoe't de nije predikant syn yntree die, wat in teken wie fan feroaring en foarútgong yn it oars sa rêstige doarp.

Pas yn 1857 ferbynt in grintwei Terherne mei Akkrum en Aldskou, folge troch de "Ryksstrjitwei" nei De Jouwer yn 1908. Dizze nije ferbiningen brochten in nij tiidrek fan hannel en transport nei Terherne, wêrtroch't de ekonomy bloeide en de mienskip him fierder ûntwikkelje koe.

De bewenners fan Terherne libben fan lânbou, skipfeart en fiskerij, yn de bloeitiid fan de Fryske hannelsfeart yn de achttjinde iuw. Mei tusken de 40 en 50 kof - en smakskippers tsjûget Terherne fan in rike maritime skiednis, dêr't inkele silende boerepreammen fan bewarre bleaun binne. Dy skippen wiene essinsjeel foar it transport fan guod en tsjinnen as it libbensbloed fan de lokale ekonomy.

Sûnt de jierren sechtich hat wetterrekreaasje de haadrol opeaske as wichtichste boarne fan ynkomsten, mei de ûntwikkeling fan in rekreaasjegebiet rûnom in nije slûs en pier. Terherne is útgroeid ta in wichtige lûker foar toeristen yn Fryslân. De kalme wetters om Terherne hinne lûke tûzenen besikers dy't genietsje fan silen, kanoen, fiskjen en oare wettersportaktiviteiten.

De rom fan Terherne as Kameleondoarp is wiidferspraat, dêr't de boeken fan Hotze de Roos ta libben komme. Besikers kinne de sfear fan de boeken ûnderfine op it Kameleon-eilân en yn de Kameleonbuorkerij en sels de personaazjes moetsje. Yn 2000 helle Kameleondoarp Terherne in diel twadde plak yn de striid om de Europeeske Doarpsfernijingspriis, wat de erkenning fan de unike sjarme fan it doarp ûnderstrekke.

Wettersport bliuwt de motor fan Terherne, mei toerisme as wichtige wurkjouwer. It bloeiende ferieningslibben soarget it hiele jier troch foar brûzjende aktiviteiten, wêrtroch't Terherne in libbene en favorite bestimming bliuwt foar bewenners as likegoed foar besikers. De mienskip fan Terherne is grutsk op syn rike skiednis en sjocht fol betrouwen út nei in takomst fol groei en wolfeart.

Weromsjend nei de doarpsfyzje 2013 -2023 is it goed om te sjen dat der in soad saken út dizze doarpsfyzje yn de ôfrûne tsien jier realisearre binne. Terherne is oansletten op glêsefel, it fytsponstje nei Tersoalstersyl is der kaam en is mei sa'n 30 tûzen oersetten per jier in grut sukses. De sportfasiliteiten by de skeelerbaan binne útwreide mei it fitness park, der binne sa'n santich fruitbeammen pleatst, der binne kykkasten, en ús basisskoalle Bloei is behâlden bleaun en bloeit.

In punt fan soarch by it ferlykjen fan 2013 mei 2024 is it ôfnimmen fan it tal ynwenners, en benammen de grutte delgong fan it tal jongeren. De befolking is mei 15% ôfnommen fan 840 nei 708 ynwenners, it tal jongeren oant 20 jier is hast troch de helte fan 190 nei 98 gien. Terherne hat en hâldt in grut ferlet fan húshâldingen mei bern.

2. Hoe't Terherne der útsjocht yn 2034

Terherne hat net stilstien yn de jierren 2024 oant 2034. De mienskip hat aktyf feroaringen trochfierd en hat dêrby omtinken jûn oan it behâlden fan de aspekten dy't de bewenners koesterje.

Lizzend yn it hert fan it wetterrike Fryslân, is Terherne útgroeid ta in foaroansteand wettersportsintrum mei prima fasiliteiten en akkommodaasjes. Dizze lokaasje lûkt sawol jongerein as âlderein oan dy't hjir in skala oan aktiviteiten fine kin.

"De Mienskip", it mienskipsgemoel yn it doarp, is fierder fersterke troch de taname fan it tal eveneminten en ferieningsaktiviteiten yn doarpshûs De Buorkerij, op skoalle, op de skeelerbaan en troch it hiele doarp. Yn'e mande mei it bouwen fan betelbere hier - en keapwenten yn de beboude kom - hat dit derfoar soarge dat it tal jongeren en it tal húshâldingen mei bern tanaam is.

Kameleon Terherne en de fartochten oer de puollen bliuwe tige populêr by minsken fan alle leeftiden, wêrtroch't Terherne bekend stiet om syn bysûndere en aardige aktiviteiten. It 'Kameleondoarp' is in bekende namme fan Grins oant Maastricht, mei in soad skoalreiskes en groepen dy't hjir hinne komme.

Troch it bloeiende toerisme binne der noch hieltyd tal fan foarsjenningen beskikber om oan it ferlet fan besikers en ynwenners te foldwaan. Terherne bliuwt in libbene en gastfrije bestimming foar in breed publyk.

2.1 Foarsjennings

Foar de jeugd biedt Terherne ferskate attraksjes, lykas it Kameleoneilân en de Kameleonbuorkerij. De skeelerbaan wurdt it hiele jier troch brûkt foar ferskate aktiviteiten. It middenfjild sit yn treflike steat en biedt folop mooglikheden foar sport, sawol organisearre as foar de jeugd sels. Yn'e simmermoannen wurdt der alle jierren sân stoart foar in potsje beachfallybal.

It doarpshûs "De Buorkerij" is it brûzjende hert fan de mienskip, sawol foar de ynwenners as foar de gasten. Fanwege alle aktiviteiten yn it doarp wurdt dizze lokaasje in soad brûkt foar feesten en gearkomsten.

Terherne stiet bekend as in wettersportdoarp mei poerbêste foarsjennings. Der binne genôch heechwaardige jachthavens mei moderne fasiliteiten, ynklusyf foarsjenningen foar minderfaliden. It ûnderhâld op it mêd fan wettersport, tanken en de ferwurking fan smoarchwetter is goed regele.

Der binne tal fan hoarekagelegenheden dy't harren rjochtsje op sawol passanten as ferbliuwstoeristen, mar ek de lokale bewenners meitsje der graach gebrûk fan. De winkels biede in breed skala oan produkten, fan broadsjes oant klean.

Terherne hat in soad te bieden foar húshâldingen mei jonge bern, mei in tarikkend tal hierwenten dat boud is om oan de fraach te foldwaan. De basisskoalle floearret. It doarp bliuwt oantreklik foar allerhanne doelgroepen, ynklusyf jongeren dy't fan doel binne om der wenjen te bliuwen en in húshâlding te stichtsjen.

It mienskiipsgefoel is sterk yn Terherne, wêrby't buorlju elkoar helpe mei ferskate taken, fariearjend fan it bringen fan immen nei de húsdokter ta it fersoargjen fan mielen. De mienskip bliuwt libjend en stypjend foar elkoar.

2.2 Rekreaasje en toerisme

Der is gelegenheid om te farren, oan te lizzen en te ferbliuwen op lokaasjes, dy't foarsjoen binne fan de fasiliteiten dy't nedich binne yn de hjoeddeiske tiid. Der binne genôch oanlisplakken yn it sintrum en foar de wettersporter is der is romte om oan te lizzen oan de steigers rûnom ús doarp en oan de eilantsjes yn de Puollen. De brêge yn it sintrum fan it doarp oer de Alde Sânsleat is ophege sadat sloepen en oare boatsjes dwers troch it doarp farre kinne. De grutste frachtskippen meie net mear oer de Terhernster Puollen farre wêrtroch't de ôfslach fan eilantsjes en wâlskanten ta stean brocht is en de feilichheid op it wetter tanaam is. Yn it doarp wurdt service oanbean foar de wettersporter en de passant. Dêrneist kinne besikers yn'e kunde komme mei kulturele aktiviteiten. Troch optredens, aktiviteiten en eksposysje, wurdt de belangstelling fan leafhawwers fan keunst en kultuer lutsen. Der wurde tal fan aktiviteiten yn it tsjerkegebou hâlden. It sintrum, by de brêge oer de Alde Sânsleat, strielet gesellichheid en nostalgia út. De terraskes en it winkeloanbod binne rjochte op toeristen en bewenners. De fearpont Terhernster Veer foarsjocht noch hieltyd yn in grut ferlet.

2.3 Ekonomy en wurkgelegenheid

De ekonomy en wurkgelegenheid fan Terherne stipet op trije wichtige pylders: wettersport, deitoerisme en ferbliuwstoerisme. Der is in sûne balâns tusken bedriuwsumte en wengelegenheid.

Troch ûndernimmers dy't ynspylje op it ferbliuwstoerisme is it oantreklik om it hiele jier troch yn ús doarp te ferbliuwen, ek bûten it heechseizoen. It projekt 'Terherne Xtra op'e kaart' hat derfoar soarge dat der it hiele jier troch aktiviteiten binne. Der is in histoaryske kuierrûte en in fytsrûte troch de streek. Lokale boeren leverje streekprodukten dy't te keap binne yn ferskate winkels en op buorkerijen. Guon boeren hawwe harren bedriuwen iepensteld, wêrtroch elkenien yn'e kunde komme kin mei it boerelibben. Yn'e simmermoannen wurdt der geregeld in boeremerk holden yn it sintrum, dêr't ek lokale produkten ferkocht wurde, ynklusyf sels rikke iel fan'e pleatslike fisker. Dizze delikatesse bliuwt populêr en wurdt noch hieltyd servearre yn ferskate restaurants.

De beweiwizing is dúdlik en wiist passearjende wettersporters nei de fasiliteiten yn ús doarp. Ek om it doarp hinne binne ynformaasjebuorden pleatst. Terherne is goed berikber fia de dyk, mei fermeldingen op de ôfritten fan sawol de A 6 as de A 32 sneldiken. Hjirtroch witte toeristen ús doarp maklik te finen, sawol oer it wetter as oer it lân.

2.4 Duorsumens en enerzjy

Terherne is hast hielendal fan it gas ôf en dat is benammen te tankjen oan it waarmtenet dat oanlein is yn it âlde doarp, en de buerten “Tusken de Brêgen” en Kûpersleantsje en omkriten. It hat hiel wat fuotten yn'e ierde hân om it foar elkoar te krijen, mar trochdat it doarp der massaal achter stean gie is it dochs slagge. De boarne foar de waarmte is akwatermy, dy't de waarmte út it oerflakewetter hallet. En dat waarmtenet iepenet in soad mooglikheden foar de takomst. Terherne lûkt no al in soad publisiteit no't de finansiering rûn is om in de seizoenswaarmtebuffer te bouwen dy't unyk is yn de wrâld. Mei in termos-tank driuwend yn de djippe fiver, dy't ticht by it doarp groeven wurde sil. De akwatermy sintrale kin dan ommers ek by moai waar as der gjin waarmtefraach is, mar tagelyk de stream spotgoedkeap is, folop draaie en de waarmtebuffer hast fergees opwaarmje. Yn'e wiken om dy âldere buerten hinne binne se yndividueel, of yn lytse groepen ek foar it grutste part op waarmtepompen oerstapt en ek faak op basis fan akwatermy. Want ja, elk hûs stiet hjir op't lêst streekrjocht oan it wetter. Allinnich by Louwer om'e tún is in lokaal waarmtenetwurkje oanlein.

Der binne op ferskate plakken yn Terherne buert-batterij-hubs út de grûn stampst dêr't in stik of wat huzen op oansletten binne. It is in grut sukses, want de sinnedakken leverje faak stroom as elkenien lekker loai yn de tún sit en gjinien stroom brûkt, wylst jûns as men oan it itensieden is yn harren ‘ynduksjekeukentsjes’ de opsleine stream út de buertbatterij wol tige wolkom is. En ek winterdeis, as rekreaasjewenten faak leech stean, leverje se foar in leech taryf stroom oan de fêste bewenners yn harren buert. Elkenien bliid en wat befoarderet it de mienskipssin.

Hoewol't der in soad iepenbiere laadpeallen yn en om it sintrum fan Terherne hinne stean, is dat yn de simmer noch net tarikkend foar alle toeristen dy't ús deistich besykje. En nettsjinsteande dat der yn de passantehavens wol genôch laadpeallen binne foar de boaten, wurdt de rop nei laadpeallen op de Marrekritesteigers ek hieltyd grutter. Dat is noch in nij fenomeen. De prototypen fan de lûdleaze wynmûltsjes en batterijunits yn de buert fan dizze steigers smite in soad wurdearring op, mar se kinne by lange nei net foldwaan oan hieltyd groeiende fraach. Mar wat binne se moai ûntwurpen. Hearst se net en sjocht se hast net iens stean, sa moai passe se yn it natuerlike lânskip. Mar ja, de plezierfeart fart hieltyd mear op elektrisiteit en dat moat wol mooglik wêze.

De sinnedakken op de skiphuzen fan de grutte havens binne net by machte om genôch stroom te leverjen foar it hiele doarp. Der wurdt besocht om 2 grutte wynmûnen te realisearjen by de Wetering del, mar dat wurdt in projekt fan hiele lange azem. Wat moai dat it hiele doarp him der sa sterk foar makket.

2.5 De natuer

De natuer wurdt hjir goed ûnderhâlden en jout in kreaze yndruk, bygelyks by de tagongsdiken del en by de Snitsermar del dêr't alles der skjien en opromme útsjocht.

De "finsters op de mar" bliuwe yn gebrûk en wurde ûnderhâlden troch de jeugd. Dy kykkasten steane ferspraat troch it hiele doarp, fan it Kûpersleantsje fia de Syl, oer de pier en by't skulpepaad del.

It grutte tal doarpsfruitbeammen leverje fruit oan de doarpsbewenners. It nije folkstúnkompleks wurdt goed ûnderhâlden en biedt alderlei seizoensoerjachten.

Troch regelmjittige of jierlikse himmelaksjes hâlde de doarpsbewenners, fan jong oant âld, de bermen en wâlskanten skjin fan swerfôffal.

2.6 Ferkear en feiligens

Oeral is der genôch ferljochting en dúdlike belijning, wat bydraacht oan in feilich gefoel. Fuotgongers en fytsers kinne har feilich ferpleatse troch de heldere weimarkearringen dy't foar alle ferkearsdielnimmers dúdlikheid skeppe. Foar minderfaliden en âlden mei berneweinen is it no ek mooglik om by de haadwegen del te kuierjen. Der binne genôch parkearplakken beskikber yn it doarp.

De betsjiningsstiden fan de brêgen binne ferromme. It tanimmende swiere frachtferkear troch Terherne is fermindere mei buorden mei beheining fan de asdruk foar de brêge oer de Alde Sânsleat.

Neist feroaringen foar it ferkear op'e dyk binne der ek oanpassings dien foar de skipfeart. De beropsfeart troch de Nije Sânsleat fart op bloktiden en de grutte fan dizze beropsfeart is maksimal klasse IV, sadat yn de simmermoannen de wetterrekreaasje sa min mooglik hinder fan de beropsskipfeart ûnderfynt.

2.7 Wenje yn Terherne

Dizze paragraaf is in gearfetting fan de Wenfysje Terherne 2022-2032, lykas fêststeld yn 2022.

Terherne is in oantreklik doarp om yn te wenjen om in ferskaat fan redenen. Alderearst is de omjouwing en natuer unyk, mei Terherne as eilân middenyn it Fryske marregebiet en omfieme troch natuergebieten. Dizze prachtige omjouwing kin maklik ferkend wurde op de fyts, boat of rinnende. Dêrneist ûnderskiedt Terherne him troch in sterke sosjale struktuer en koheezje, wêryn't ynwenners inoar moetsje en ferbûnens ûnderfine. Dat wurdt stipe troch ferskate doarpsaktiviteiten en in ryk ferieningslibben. As lêste biedt Terherne in breed skala oan foarsjenningen, wêrûnder basisfoarsjenningen as supermerk, skoalle en sport fasiliteiten, mar ek fluch ynternet en goede berikberens fia iepenbier ferfier en sneldiken.

Alderearst is de omjouwing en natuer unyk, mei Terherne as eilân middenyn it Fryske marregebiet en omfieme troch natuergebieten. Dizze prachtige omjouwing kin maklik ferkend wurde op de fyts, boat of rinnende. Dêrneist ûnderskiedt Terherne him troch in sterke sosjale struktuer en koheezje, wêryn't ynwenners inoar moetsje en ferbûnens ûnderfine. Dat wurdt stipe troch ferskate doarpsaktiviteiten en in ryk ferieningslibben. As lêste biedt Terherne in breed skala oan foarsjenningen, wêrûnder basisfoarsjenningen as supermerk, skoalle en sportfasiliteiten, mar ek fluch ynternet en goede berikberens fia iepenbier ferfier en sneldiken.

Dizze oantreklikheid fan Terherne lûkt ferskate doelgroepen oan. De jongerein wurdt oanlutsen troch de sosjale koheezje, gesellichheid en foarsjenningen, mei betelbere en beskikbere starterswenningen. Húshâldings wurdearje de romte, de sosjale gearhing en de basisfoarsjenningen, wêrûnder de skoalle, wylst Terherne ek in feilige omjouwing is foar de bern. Der is yn Terherne foldwaande oanbod fan betelbere gesinswenningen, sawol te hier as te keap. Alderen fine yn Terherne foldwaande âldedeifoarsjenningen en in aktyf ferieningslibben, wêrtroch se hjir graach bliuwe wolle. Troch de trochstreaming fan âlderen nei libbensrinbestindige wenningen binne de gesinswenningen beskikber kaam. Nije wenfoarmen, yn- en útwreiding drage by oan in diverse wenomjouwing, wylst it behâld fan it doarpskarakter en natuer ek de ynteresse fan de fakânsjebewenners behâldt.

Der binne lytsskalige yn- en útwreidingen yn it doarp realisearre. Bestearre bebouwing is ferfongen of ferboud en der binne inkele wenningen foar permaninte bewenning by kaam. Nei de winsk fan sawol de permaninte as rekreative ynwenners fan Terherne binne der gjin fakânsjeparken mear by kaam. De permaninte bewenning stiet foarop, it tal rekreaasjewenningen is sawat gelyk bleaun. Dizze balâns tusken permanint en rekreatyf wenjen jout oandacht foar de belangen fan alle doelgroepen.

2.8 Fierder

Terherne is in nostalgysk Frysk wettersportdoarp, him ûnderskiedend troch poerbêste faksiliteiten en in nostalgyske ambiance. Dizze autentike sfear wurdt fersterke troch klam te lizzen op de histoaryske eleminten fan Terherne. Op ferskate lokaasjes wurde besikers ynformearre oer de skiednis fan de omkriten hjir. Hjirfoar binne QR-koades ynstallearre, dy't drekst tagong jout ta ynformaasje op jo smartphone. mei klam sizze, beklamje, klam lizze op

Neiwurd

Dit is in foarútblik op de takomst fan Terherne lykas dizze wêze kinne soe, bassearre op de petearen wêrby de wurkgroep de frijheid naam hat om Terherne yn it jier 2034 foarm te jaan.

Hoe't Terherne der yn 2034 echt útsjocht sil fan ús, de ynwenners fan Terherne, ôfhingje. Dit freget wol in aktive belutsenheid.

Dizze fysje wurdt troch de wurkgroep foarsteld oan Pleatselik Belang, dy't de eigener derfan is. Yné mande mei de ynwenners fan Terherne sil Pleatselik Belang beslute moatte hokker aktiviteiten op koarte en lange termyn útfierd wurde moatte. Yn taheakke 1, it aktiviteite-oersjoch, wurdt al in foarstel dien. Per tema wurdt foarsteld om in 'lûker' oan te wizen., dy't meistanners siket om mei elkoar de aktiviteiten te plannen en út te fieren. It is fansels mooglik dat nije aktiviteiten ûntstean sille en dat oaren ferfalle, salang se mar bydrage oan it doel.

De beskikbere tiid is tsien jier, wat bêst lang liket, mar foarst it witst is it 2034! We stelle foar om tsjin dy tiid de fysje op 'e nij te besjen en te evaluatearjen hoe fier't we kaam binne. In moaie útdaging!

Bijlage 1: Activiteitenoverzicht

ACTIVITEITE-OERSJOCH	UTFIERING			
	Bewenners	PB	Gemeente	Tredden
Foarsjennings				
Behâld/utwreidzje fan busferbining		x	x	x
Bettere verwizing naeide kleankontener Koailân		x	x	
Bliuw it jaarljke doarpsfeest organisearjen	x			
Kontinuearing fan en gearwurking tusken onderwiis/berneopvang		x		x
Kontinuearing fan doarpshûs "De Buorkerij"	x	x		
Ynrinmoarnskoftten t.b.f. ferskate aktiviteiten yn "De Buorkerij" organiearje	x			
Yn stân hâlde en ferbetterje fan de gymnastykseal		x	x	x
Yn stân hâlde fan de doarpswinkel	x	x		
It opstarte fan in 'biologyske boutique' mei streekprodukten	x			x
Ofhelpunt fan pakketten		x		x
In terrein foar folkstúntsjes (skeelerbaan Leije-kant?)	x	x		
Yn stân hâlde fan de brievenbus		x		x
Yn stân hâlde fan Pleatselik Belang	x	x		
Mear oanbod betelbere keap wenningen			x	x
Mear oanbod hiersektor wenningen			x	x
Mooglikheid om te pinnen fan kontant jild		x		x
Opheffe slutingstiden fan de Jongebuorsterfeart-brêge		x	x	
Ferbetterjen fan it starterswenningen oanbod				x
Iepenbier meitsje fan it skoalplein		x		x
Ferromming fan de iepeningstiden Nije-Sânsleatbrêge			x	x
Utwreiding fan oplaadpunten foar elektryske auto's				x
It meitsjen fan in jeux de boules baan	x	x	x	
De Fryske taal safolle mooglik aktyf brûken bliuwe, yn de deistige omgang en by formele oangelegenheden en yn kommunikaasje.	x	x	x	x
Rekreaasje en Toerisme				
Ophegje fan de brêge oer de âlde Sansleat		x	x	
Oanjaan fan brânstof tankgelegenhed foar boaten		x	x	x
Opwaardearring fan it swimstrân by de pier				x
Pleatse fan in útsjochtoer op de Pier	x	x	x	x
Behâld fan de Kameleon aktiviteiten				x
Culturele aktiviteiten voor (niet-)Friezen organisieren	x			
Bewarje cq útwreiding fan div. aktiviteiten (Brio/keunst/berneboek etc)	x			
Imago fan Terherne t.o.f. rekreaasje, wenjen en ferdivedaasje	x	x		x
It oanlizzen in gesellige jachthaven yn de kom fan it doarp		x	x	x

Mear en better gebrûk fan de skeelerbaan	x			x
Bettere mooglikheid biede foar in feestgelegenheid		x		
Utwreiding/oanliz fan kuierpaden bûten de beboude kom		x	x	x
Behâld fan it oantal lizplakken by de eilandsjes		x	x	x
Behâld fan it oantal iepenbiere oanlizplakken		x	x	
Ferbetterjen fan it sportfjild yn it midden fan de skeelerbaan	x	x		x
Oankundigingsbuorden by de doarpsyngongen, en elektronyske informaasjebuorden op Kameleonplein.		x	x	x
Foarsjen yn en verwizing nei iepenbiere toiletten/douches		x	x	
Foarsjenningen t.b.f. minderfalide rekreanten (toiletten/aanlizplakken)		x	x	x
Elektrysk farre, ek oer langere ôfstannen, promoasje			x	x
Ekonomy en Wurkgelegenheid				
Oanbod fan lokale produkten vergrutsje	x			x
Behâld en úwreidzje wurkgelegenheid yn/om Terherne		x	x	x
Gjin útwreiding bedriuwsterreinen oars dan op hjoeddeistich plak		x	x	x
Duorsumens				
Oanlizze fan duorsume enerzjyfoarsjennings foar auto's en boaten	x		x	x
Kreëarje fan duorseme enerzjyfoarsjennings foar gebouwen	x		x	x
Ynformaasje oer isolaasje en enerzjy besparjen		x		x
Mooglikheden ûndersykje foar in kollektive/duorsume enerzjyfoarsjenning		x		x
Kreëarjen fan in folkstúnkompleks foar biologyske grienten	x	x		
Natuer				
Bijegreide lâns de Utbuorren yn it stik Seine oant it restaurant	x	x	x	x
Beskerming fan it útsjoch rûnom Terherne		x	x	x
Werplantsjen fan beammen by de Nije Sânsleatbrêge en de Stripe	x	x	x	x
Ferkear en Feiligens				
Oanbringe ferljochting en snoeie strewelleguod lâns fytspaad rjochting Akkrum			x	
Oplosse knelpunten fan de ferkearsfeiligens binnen de beboude kom		x	x	
Tagonklikheid foar minderfaliden betterje		x	x	x
Oerlast				
Tsjingean fan hûnepoep oerlêst	x	x		

Fierder				
Oprjochtsjen fan in histoaryske feriening	x			
Ynstânhâlde fan it karbydsjitten as kulturiel erfgoed	x			

Bijlage 2: Feitenoverzicht

2a Oersjoch kaarten



Figuer 1: It doarp Terherne



Figuer 2: Gemeente De Fryske Marren

2b: Befolkingsgearstalling nei leeftyd

Leeftyd	2013			2024		
	Manlju	Froulju	Totaal	Manlju	Froulju	Totaal
0 tot 5 jier	30	20	50	9	15	24
5 tot 10 jier	30	25	55	8	12	20
10 tot 15 jier	25	20	45	9	8	17
15 tot 20 jier	20	20	40	21	16	37
20 tot 25 jier	10	10	20	15	11	26
25 tot 30 jier	15	10	25	18	4	22
30 tot 35 jier	15	20	35	10	12	22
35 tot 40 jier	25	30	55	9	19	28
40 tot 45 jier	45	35	80	20	23	43
45 tot 50 jier	30	25	55	13	13	26
50 tot 55 jier	35	35	70	32	32	64
55 tot 60 jier	35	35	70	52	37	89
60 tot 65 jier	30	35	65	34	38	72
65 tot 70 jier	45	35	80	35	30	65
70 tot 75 jier	25	20	45	27	32	59
75 tot 80 jier	5	10	15	29	27	56
80 tot 85 jier	10	10	20	16	14	30
85 tot 90 jier	5	5	10	5	3	8
90 tot 95 jier	0	5	5	0	0	0
95 jier en âlder	0	0	0	0	0	0
Totaal	435	405	840	362	346	708

2c: Sosjiale kaart Terherne

1. Sportferienings:
 - a. Wettersportferiening “Onder Ons”
 - b. Gymnastykferiening “Voorwaarts”
 - c. Iisklub “de Broederschap”
 - d. Sloeproeferiening “Den Bealch”
 - e. Follybalferiening

2. Doarpshûs “De Buorkerij”, û.o.:
 - a. Shantykoar “Ballêst oer Board”
 - b. Line dance
 - c. Koersbal
 - d. Lekker Ite
 - e. Koffiemoarnskoft
 - f. Laitsje & Meitsje
 - g. Ynternetkafé
 - h. Krystmerk

- i. Rommelmerk
3. Eveneminten, û.o.:
- a. Doarpsfeest “De Merke”
 - b. Iepening wettersportseizoen
 - c. Proef de Kunst
 - d. Berneboekedei
 - e. Brio Sylmarathon
 - f. Kameleonrace
 - g. SKS Skûtsjesilen Terherne
4. Pleatselike organisaasjes, ferienings en stiftingen, o.a.:
- a. Basisschoalle Bloei (Meilân)
 - b. Doarpsferiening “Pleatselijk Belang Terherne”
 - c. Doarpskrante de “Brio”
 - d. Undernimmersferiening “DebúT”
 - e. Organisasje “Terherne Xtra op ‘e kaart”
 - f. Terhernster Enerzjykoöperaasje “De Poask”
 - g. Stifting Terhernsterveer
 - h. Fûgelwacht de fjouwer doarpen
 - i. Stifting “De Lege Wâlden” (skûtsje)
 - j. Stifting “Vrienden van de Kameleon”
 - k. De Hotze de Roos Stichting
 - l. Stifting “Buorren 46”
 - m. Feriening fan eigenaren “De Zoutpoel”
 - n. Feriening fan eigenaren “Louwer om ‘e Tún”